



GEARFETTING BELIEDSPAN OBS 'T PARTOER 'ELTSE DEI IN BYTSJE BETTER'

YNLIEDING EN TA STÂN KOMMEN

De kommende fjouwer jier ynvestearret Team Partoer flink yn de fierdere ûntwikkeling fan ús ûnderwiis. Fansels om jo bern te helpen en te begelieden yn harren ûntwikkeling. Mar ek omdat we fan ús fak hâlde en it in útdaging fine om te ûntdekken hoe 't we ús ûnderwiis eltse dei wer in bytsje better meitsje kinne.

Yn de ôfrûne 5 jier ha we in soad ynvestearre yn ICT. Dat sille we yn de takomst ek dwaan. En toch, hoe't we it ek besjogge: ûnderwiis bliuwt minskewurk. Goed kontakt tusken âlders, learlingen en de skoalle, is krúsjaal foar kwaliteit.


It beliedspan is ta stân kommen troch input fan alle ûnderdielen: âlders, learlingen en persoanel. Ek de berne-opfangorganisaasjes en it fuortset ûnderwiis is de ôfrûne jierren geregeld frege om feedback te jaan op ús plannen. Dat ha se ek wol ris sûnder freegjen dien. Dit is allegear sekuer besjoen en yn beried naam troch it skoalteam en de Meisizzenskripsried.

LEF

Bern stean net stil. De maatskippij stiet net stil. Yn it ûnderwiis kin it dus ek net stil wêze. We moatte it lef ha om te fernijen. Mar dan rinne je dus ek it risiko om flaters te meitsjen. Dêr is neat mis mei. Yn de klasse giet it ommers ek sa: de learkrêft leit út, docht foar, herhellet. En dêrnei daget de learkrêft de learlingen út om it sels te besykjen. En giet it dan mis, dan wit de learling dat de learkrêft der altyd is om te helpen of te begelieden. Fernije om it fernijen is net goed, we wolle wol witte wêr't we oan begjinne en wat de risiko's binne. It is ús passy om ús ûnderwiis hieltyd wer better te meitsjen. Om dit te berikken ha we ús plan opdield yn trije domeinen.


DOMEIN KENNIS & ÛNDERSYK

We wurkje neffens de 'De Sirkel fan ús Underwiis'. Dat wol sizze dat we der nei stribje eltse learling, 8 jier lang, sûnder ûnderbrekking, it juste ûnderwiis oan te bieden. Dat krije we allinnich foarinoar as we alle dagen kennis ha fan de progresje fan learlingen. Hjirtroch en troch toetsanalyses krije we in goed byld hokker ynstruksjes we de oare deis jaan moatte. Us oanbod is foaral rjochte op kennisfermeardering en -ferdjipping. Om dit effisjint dwaan te kinnen wolle we de ferskillende ict-programma's noch better oaninoar keppelje.



DOMEIN PETEAR & FERBETTERING

Sintraal yn dit domein is it petear dat we kontinu mei learlingen, âlders en ûnderling ha wolle. Allinnich as we op de hichte bliuwe fan elkoars winsken en tinkbylden en ynsjoch hawwe yn ûntwikkelingen, sille we deryn slagje om ûnderwiis eltse dei better te meitsjen. De petearen mei âlders en learlingen begjinne al foardat learlingen op 4-jierrige leeftiid op skoalle komme. En hâlde pas op as bern fan skoalle gean. De learkrêften stean alle dagen klear om jo fragen te beäntwurdzjen. En lykas bern fan inoar leare, sa leare learkrêften ek it meast fan inoar. Kollegiale konsultaasje is de grutste ferbetterkrêft. We binne fan doel elts jier minimaal 4 kear by kollega's of oare skoallen te sjen nei mooglikheden om ús ûnderwiis better te meitsjen.



DOMEIN WURDSKAT & EKSPRESJE

Hjir begjint it wat ús oangiet mei. As we elkoar net begripe, kinne we net feroarje en net better wurde. Taal lear je troch it te dwaan en te ûndersykjen. Allinnich, mar foaral ek meielkoar. Wurdskat oefenje je net op de tradisjonele manier troch wurdjes by it juste sintsje te sykjen yn it boek. Wurdskat wurdt oefene mei toaniel, muzyk of troch ferhalen te betinken. Yn gearwurking mei Kentalis en Wâldsang wolle we lessen ûntwikkelje foar learkrêft en learling om de wurdskat al op jonge leeftiid te fergrutsjen en te ferstevigjen. Dit is wêr't alle learlingen ferlet fan ha. En net allinnich ús net-Nederlânsktalige bern. It úteinlike doel giet fierder as it learen fan de taal. Want as je de taal goed kenne, stean je mei mear selsbetrouwen yn it libben!

FOARMING BERNINTRUM

Yn gearwurking mei Kinderwoud lokaasje Bistebus en CBS de Arke wolle we ta in mienskiplik Yntegraal Bern Sintrum komme. Doel is ús learlingen mear te bieden as allinnich ûnderwiis, mar just ûntwikkeling yn gearhing mei feardichheden.

Dit is in gearfetting fan ús mearjierrebeliedsplan. We hawwe noch mear ideeën. Foar it folsleine plan ferwize we jo nei de QR koade. Foar fragen of opmerkingen kinne jo altyd kontakt opnimme mei de direksje fan OBS 't Partoer.